

Taspraak iepening sinnepark Garyp, Garyp12 maaie 2017

Achte Gjalt Benedictus, boargemaster, de hearen Brouwer en

Hoeksema, dames en hearen,

Wy stean hjir by in sinnepark dat al ferskate foarmen fan enerzjy opsmitten hat. Net allinne stream foar it netwurk. Der giet ek enerzjy nei it doarp, dat alle jierren profitearje kin fan de opbringst fan dit park.

De ynisjatyfnimmers - mei Gjalt Benedictus foarop – krigen enerzjy doe't hja trochkrigen dat har ûnmooglike plan der dochs komme koe. En no soarget eltse besite fan belangstellenden út de rest fan it lân foar enerzjy.

Foar dizze lokaasje – in âlde jiskebult - is in nije duorsume bestimming fûn. Ek dat soarget foar in ympuls en dêrmei foar enerzjy. It ûnderhâld komt foar in part yn hannen fan de jongerien dy't hjir op It Griene Nêst aktyf binne. Dat leveret harren wer nije enerzjy op.

Sa kinne wy sûnder mis noch mear winstpunten beneame, bygelyks wat dit park betsjut foar de gemeente, foar Groenleven en foar Eneco. Mar dy kinne dit sa sels ek fertelle.

Graach wol ik jo it belang foar de provinsje oanjaan.

Dames en hearen,

Fryslân hat trije jier lyn de doelstelling formulearre om yn 2020 totaal 500 MegaWatt sinne-enerzjy op te wekken. Genôch om de helte fan alle Fryske húshâldens fan stream te foarsjen. Op dat nivo sitte wy noch lang net. Wy helje no noch net in tredde fan dat doel.

Neffens de Klimaatmonitor fan it Ryk stiet út provinsje wat de produksje fan sinnestream per ynwenner oanbelanget, lânlik yn de middenmoat. Drinte, Flevolân en Oerisel foarmje de top trije. Dêr hearre wy dochs ek tusken.

Dêrom is it ek dat de provinsje bliid is mei dit ynisjatyf. Hoe mear sinneparken hoe better, soene jo tinke. Mar it giet ús ek om de wize wêrop dy parken der komme.

Wy sjogge dat oeral yn it lân bedriuwen sykje nei lapen grûn om dêr safolle mooglik sinnepanelen op kwyte te reitsjen. Net om't hja yn it foarste plak Nederlân sa fluch mooglik op duorsume enerzjy oerskeakelje litte wolle. Mar benammen om der sels flink oan te fertsjinjen. It is de moderne fariant fan de goudroller, de gouddeiver: helje alles fan wearde út de grûn.

Dat doarpen net altyd op sa'n sinnepark sitte te wachtsjen, liket foar dy ynisjatyfnimmers bysaak. Hja spylje yn op wêr de oerheid ferlet fan hat en profitearje dêr handich fan.

Dat is krekt de omkearde wize fan hoe wy it graach yn Fryslân sjogge. It belied hjir is dat wy op it foarste plak oanstean op enerzjybesparring. Wat we net ferbrûke, hoege wy net op te wekken.

Twads sjogge wy dakken fan huzen en bedriuwen as de bêste lokaasje foar sinnepanielen. Mar wy snappe ek dat minsken, lykas hjir yn Garyp, der út estetysk eachpunt soms foar kieze om de dakken frij te hâlden fan panielen.

As der dochs sinneparken komme, dan sjogge we graach dat dy op stipe rekkenje kinne fan it doarp dat der njonken leit. Oars krijsto tafrielen lykas no by Wurdum, wêr't it grutskalige plan it doarp oer it mêd kaam. In sinnepark sil in lange tiid in buorman fan in doarp wêze. Mei in buorman wolsto dochs benammen in sa goed mooglike relaasje opbouwe.

Dames en hearen,

De Griene Greide hjir tusken Garyp en Sumar is in foarbyld hoe 'sto in sinnepark ûnderdiel fan in mienskip makkest. Opset troch it doarp sels, dat al it pionierwurk dien hat. Fan fergunningoanfraach oant it krijen fan de frijstelling foar de ûnreplik guod belesting.

De plannenmakers fûnen reewillige ambtners en bestjoerders fan Tytsjerksteradiel, dy't it plan mooglik meitsje woene. Want ek dy hasto nedich. Lykas as de bedriuwen en it provinsjale enerzjyfûns FSFE, dy it entûsjasme dielden.

Beskiedend nimt de hear Benedictus it dat elkenien meidwaan woe en dat nimmen tsjingas joech.

It plan is ûntstean út idealisme: wat dwaan foar de takomst fan de wrâld. En dêr tagelyk it doarp fan profitearje litte mei de jierlikse ynkomsten.

Dames en hearen,

Der is wol ris de fraach wat 'mienskip' no inhâldt. Dy minsken kinne wy no nei de Griene Greide trochferwize. Soarch foar in duorsum plan dat in oplossing is foar in soad problemen.

Dan merkst al gau dat minsken oanheakje wolle. Der ûntstiet dan enerzjy, sels noch foar it earste sinnepaniel der leit.

By in plan foar duorsume enerzjy heart ek in duorsume relaasje mei de omjouwing. Langetermyn tinken leveret wat dat oan giet folle mear op as koarte termyn winst. As je dat dogge, dan ha je – krekt as hjir yn Garyp – pas wier goud yn hannen. Dat is ek myn boadskip oan de nije gouddollers, de gouddelvers.

As lêste sprek ik hjir fansels nochris myn wurdearring út foar de ynisjatyfnimmers en alle belutsenen. De grutskens dy't jo hjoed terjochte útstriele, jout waarmte en dat is ek wer in foarm fan enerzjy.

Wolle jim ek jim wurdearring blike litte foar dit projekt, dan kin dat frij ienfâldich. It provinsjale fûns FSFE hat op har webside in ferkiezing foar it bêste duorsume projekt fan 2016. Stimme kin noch oant en mei woansdei, de priisútrikking is tongersdei.

Der stean projekten tusken fan de sinnepanielen fan Thialf oant de Alvestêden farfakânsjes op elektryske 'houseboats'. Ek de Griene Greide fine jo dêr. As kommissaris bring ik gjin stimadvys út, mar ik kin jo wol oproppe om stimmen te gean.

En wat it provinsjale Fûns Skjinne Fryske Enerzjy oanbelanget. Yn twa en in heal jier ha 30 projekten jild krigen. Fan de 90 miljoen euro dy der wie, is no noch de helte beskikber foar projekten op it mêd fan benammen sinne-enerzjy en biomassa. Ik soe sizze: bring Fryslân nei de top trije, sjoch hjir yn Garyp op hokker enerzjike wize dat kin.

Tige tank.